

# Presintaasje *Selected Poems*

6 april 2018 yn OBE

## Taspraak: Teake Oppewal

Bêste allegearre,

Hjir haw ik him, de nije *Selected Poems* fan Postma, en it is prachtich dat wy dit boek hjoed oanbiede kinne oan de lêzers dy't hâlde fan syn wurk. En fansels oan nije lêzers dy't noch in wrâld ûntdekke kinne. Ik bin bliid dat jo, Kommissaris Brok, aanst it earste eksimplaar yn ûntfangst nimme wolle.

Dit boek hat in lange ûntsteansskiednis. Dêr wol ik graach in pear wurden oer sizze.

Yn 1997 ferskynde fan Postma de twatalige blomlêzing *Van het Friese land en het Friese leven*, mei Philippus Breuker as gearstaller en Jabik Veenbaas as oersetter. It boek waard yn de lanlike parse goed ûnthelle, en it holp der oan mei dat Postma syn wurk bûten Fryslân fierder bekend waard. Der wie yn dy tiid noch in faktor dy't dêrby holp, Geert Mak mei syn bestseller *Hoe God verdween uit Jorwerd*. Dêr steane twa fersen fan Postma yntegraal yn, yn twa talen.

Mei it sukses fan dizze bondel like it ús by it FLMD goed ta dat der ek in Ingelske blomlêzing komme soe. Op in seker stuit kaam ik yn kontakt mei Anthony Paul, in Ingelske oersetter dy't as dosint fertaalkunde wurke oan de Universiteit fan Amsterdam. Tegearre mei Jabik Veenbaas doarst hy it wol oan om Postma yn it Ingelsk oer te setten.

Der moast fansels ek in útjouwer komme. Jitske Kingma brocht my yn kontakt mei Mark Lawson, in man dy't yn Skotlân in p.o.d.-útjouwerij hie. Dat wie doe betreklik nij, 'printing on demand', dat wie ûngefear yn 2000. Lawson seach der wol wat yn om Postma út te jaan. Ik fûn yn myn argyf in brief fan in sekere Susan Mansfield, dy't ik fierder net koe, lid fan de útjouwer syn lêskommisje, út maart 2001. Dêr wol ik graach in oanhaal út dwaan:

The poems of Postma paint pictures of a pastoral life in the early 20<sup>th</sup> century, dealing with subjects such as beauty and contentment, yet without being soppy or sentimental. Poets tend to write about the sorrows of life, rather than its joys, but Postma comes across as content with his life and the world around him. As a result, his poems are very affirming. There are interesting points to do with feeling at one with

the natural world, and rejoicing in everyday miracles. The poems are written with a light touch, which suggests that the poet is not afraid to examine what he is doing and why, or even to laugh at himself.

Dat fyn ik wol moaie wurden foar ien dy't Postma blanko foar it earst lêst.

Dat Ingelske boek waard *What the poet must know*, yn 2004. Foar dit boek hie Jabik Veenbaas de seleksje makke. Dy rûn foar in aardich part lykop mei de eardere Nederlânske blomlêzing, mar net hielendal. Ien gedicht dat no wol yn de Ingelske bondel stie wie bygelyks 'Ein', in fers út de jierren tritich. Dat gedicht hat yn Postma syn oeuvre in spesjale status, omdat it – foarsafier't ik wit – it iennichste is dêr't opnames fan binne dat de dichter it sels foardraacht. Dat wol ik jim graach hearre litte.

Altyd hiel bysûnder, om fan ien út it ferline ynienen it lûd te hearren. Dat allinne al! Dizze opname is út 1959, Postma wie doe 90/91 jier. Hy is makke by it besyk fan de Italjaanske polyglot Giacomo Prampolini oan Fryslân. Prampolini koe ek Frysk. Hy waard doe ûnthelle troch in oantal literatoaren, dy't wurk foar him foarliezen. 'Ein' wie dus grif ien fan Postma syn favoriten, oars hie er it net útsocht om Prampolini hearre te litten.

Doe't Kulturele Haadstêd oan de horizon ferskynde kaam der in kâns om op 'en nij in blomlêzing fan Postma út te jaan. Tresoar pakte it inisjatyf op, mei help fan it Obe Postma Selskip. Louw Dykstra fan Wijdemeer tekene foar de útjefte. Dat waard dizze *Selected Poems*.

It is in trijetalich boek wurden, mei alle gedichten út de beide foarôfgeande blomlêzingen, en ien ekstra gedicht dat beide net hiene: 'Novimberdream'. Abe de Vries naam dat wol op yn syn grutte blomlêzing *Het goud op de weg* út 2008. Dus der moast wat ekstra fertaalwurk dien wurde. It spyt my tige dat Jabik Veenbaas en Anthony Paul hjir net wêze kinne hjoed. Ik wol har hjirby ferûntskuldigje.

Minsken dy't wat fieling ha foar boekûntwerpen sille beseffe dat it net maklik wie om in dichtbondel yn trije talen foarm te jaan. Uteinliks is de oplossing fûn troch de gedichten yn it Frysk en yn it Ingelsk nêst inoar te pleatsen, en de Nederlânske oersettingen apart achteryn.

It is in prachtich boek wurden, mei tank oan Louw Dykstra en foarmjouwer Gert Jan Slagter. Der sit in prachtich stofomslach om mei de ellips as weromkommende foarm. Achterop in jeugdfoto fan de dichter. As je it omslach derôf helje, stiet achterop de bekende foto fan Postma as âlde man en profil, wol wat in izegrim, mar as portret fansels 'gefundenes fressen' foar de omslachûntwerper. Yn it boek fierder hast alle bekende ôfbyldingen fan de dichter. En wat ek belangryk is: Dit boek rekket net wer

útferkocht, want as de oplage op is, makket Wijdemeer ekstra eksimplaren mei de p.o.d.-technyk.

Yn 1997 by it ferskinen fan de Nederlânske blomlêzing neamde Phlippus Breuker yn *Trotwaer* it wurk fan Postma 'in kado foar Fryslân'. Ik soe sizze wolle, mei dizze nije fertaling yn it Nederlânsk en it Ingelsk, kin Fryslân dat kado no ek tagonklik meitsje foar Nederlân en yn feite foar de hiele Wrâld.

Ta beslút wol ik graach ien fers lêze dat past by dizze gelegenheid, earst yn it Frysk en dan yn it Ingelsk.

Postma sprekt yn dit fers syn lêzers fan letter dagen oan oer syn eigen poëzij.

Foar in goed begryp wol ik earst noch graach twa dingen út de tekst ferhelderje.

[1] Postma siteart hjir de Romeinske dichter Horatius. Dat wie grif in grutte opsnijer, want hy seit oan de ein fan ien fan syn bondels: "Exegi monumentum aere perennius": Ik ha in monumint oprjochte dat iviger duorret as brûns, of: koper. It is fansels wol iroanysk: wy kenne dit noch altyd! Dat, hy hie eins wol gelyk. □

[2] As twadde ding wol ik graach wize op in bysûndere betsjutting fan it tiidwurd 'winne' yn it Frysk. As ik sis: 'De bij hat fan it swiete wûn', dan betsjut dat net dat der in wedstryd west hat dy't de bij wûn hat, mar dat de bij 'wat/eat fan dat swiete' krigen hat. Sa brûkt Postma it tiidwurd 'winne' yn dit fers.

Okee, hjir is dus Postma, oan ús, oer syn eigen dichtwurk, dat er hieltyd oantsjut mei 'it', 'it dichtwurk': Dit boek dus!

#### **OAN DY'T MY LÊZE SILLE YN LETTER TIID**

Ik sis net: heger as de piramide-bou,  
En duorjender as koper sis ik net.  
't Woechs út it flakke lân stil nei de sinne op  
En 't is net sterker as de minskene hert.

Mar 't koe dochs wêze dat it dei en jier  
Bewarre bleau en fûn in lústerjend ear.  
De sinne hâldt syn ljochte himmelgong  
En minske' hert syn wûnderlik begear.

It is myn lân, it is syn folts; in hûs;  
In boereminske yn 't hôf; in hjerstejûn.

En siele hat – o dream yn simmerlân –  
Yn ierdske begehren fan it tideleaze wûn.

It is in minske, iepener op dichters baan  
As wenst wol ha woe, fij fan skuttend byld;  
Hy jout him oer oan dy't ta 't libben giet,  
In feint, in bern, en sûnder pols of skyld.

Yn it Ingelsk giet it sa:

**TO THOSE WHO WILL READ ME IN TIMES TO COME**

I don't say 'higher than the pyramids' ,  
Nor do I say 'more durable than brass'.  
From flat land it grew gently towards the sun,  
And is no stronger than the human heart.

And yet it could be that it was preserved  
To find in other time a listening ear.  
The sun maintains its light ascent to heaven,  
The human heart its curious desire.

It is my land, it is its folk; a house;  
A farmer's wife outside; end of an autumn day.  
And so the soul – oh dream in summer-land –  
On earthly ground has robbed eternity.

It is a man, as poet more direct  
Than people liked, averse to cloudy word;  
He gives himself to those who care for life,  
A boy, a child, with neither shield nor sword.

Dankewol.